

## Tekst 1

*Yn it july-nûmer fan Trotwaer 2001 skreau Piet Hemminga in stik oer de prestaasjes en pretinsjes fan Omrop Fryslân op radio en televyzje. Tekst 1 is dêr in bewurking fan. De spesifike stikken oer de radioprogramma's binne yn de tekst net oernommen.*

### IN BÛTERBLOM OP DE RÛCHSKERNE<sup>1)</sup>

- 1 'Hâld ek ús link fan 'e wike yn 'e gaten', sa ropt de ynternetside fan Omrop Fryslân ús allegearre op, mar wa hâldt de Omrop sels yn de gaten? Wat binne de prestaasjes fan de Omrop? De programma's fan Omrop Fryslân binne, opmerklik genôch, gjin ûnderwerp fan publyk petear of deistige resinsjes. Mar krekt sjoen de prestaasjes en pretinsjes fan de Omrop en al it publike jild dat sa stadichoan mei de regionale stjoerder anneks is, soe dat feroarje moatte. Noch ôfsjoen fan it ferlet dat de programmamakers grif fan réaksje en krityk hawwe: Sis it mar! Sadwaande in oanset ta diskusje.
- 2 De televyzje-prestaasjes fan Omrop Fryslân binne net allinne op it mêd fan de taal bytiden bot - yngreven - ûnnoazel, de programma's sels binne it ek faker as ien kear. As wy de fêste programma's bylâns geane, falt as earste de tongersdeitejûn op dy't net maklik ynhelle wurde kin as it giet om in suver absolute ûnnoazelens. Men tinkt: PM-TV moat in persiflaasje wêze, mar dat blykt in misfetting. Hoe is it mooglik! Spegels, it kulturele program fan de freedtejûn spilet likemin swak by. In resint hichtepunt wie de fraach oan in tafallige besiker fan it Fries Museum wat dy wol tocht fan de nije direkteur, krekt ien dei yn tsjinst fan dat museum. En ek it ferslach fan Liet 2001 mocht der wêze. Dat makke yn alle gefallen moai dúdlik dat de presintator hiel wat wichtiger is as de stakkers dy't oan dat barren meidienen.
- 3 Wat bliuwt der oer? De sportútstjoerings mooglik? Ik wol it net leauwe en ik kin my ek net foarstelle dat immen in tsjinst dien wurdt mei it dagen nei in wedstriid wjerkôgjen fan wat allang útiten is. De prestaasjes fan de trettjinde klasse amateurs, wa falt dêr moandeitejûns foar? En woansdeitejûns hat de presintatrise nei healwei achten spitigernôch deselde kwaal as dy fan de freedtejûns. It wûnderlike Sadwaande is blykber foaral bedoeld om sels skitterje te kinnen. Hoewol't besocht wurdt om grappich te wêzen, is de humor fier te sykjen. Allinnich de tiisdeitejûns bliuwt noch oer, want de sneons wurdt al it tentoanstelde leed ek noch werhelle. Werheljen heart trouwens dochs al ta it hannelsmerk fan de regionale stjoerder. Breedbyld op tiisdei is fansels radio, mar it is it iennige fêste televyzjeprogram dat bytiden it sjen en it healoere wurdich is.
- 4 En hoe giet it mei Hjoed? It is spitch dat de earmoed oan nijs en kreativiteit der mei ta laat, dat as der werklik in ûnderwerp is, de sabeare sjoernalisten alhiel gjin mjitte hâlde kinne. Men soe tinke dat de warbere jongelju fan de Omrop mei sa'n ûnderwerp oan de haal geane, mar feitlik is it krekt oarsom. Troch de earmoed oan nijs en de ûnfoldwaande kwaliteit fan de meiwurkers giet sa'n ûnderwerp mei de sjoernalist oan de haal. Dat docht him al foar by de meast triviale ûnderwerpen dy't yn it nijs fan de Omrop finaal útmolken wurde. Dat docht him krektlyk foar by werklik nijs, dêr't de programmamakers dan sa fan ûnder de yndruk reitsje dat alle realiteit út it each ferlern liket te wurden. Hoe faak hawwe de sjoggers al net yn de grutte seal fan de Ljouwerter Rjochtbank west? Juridyske en plysjesaken skoare wakker, om't der blykber neat better is en om't soks boppedat lekker maklik en goedkeap is. Mar fan in eigen krityske of relativearjende bydrage komt yn it gûvernemintele dwaan en litten fan de Omrop neat nei foaren.
- 5 40 Ik wurd altiten in bytsje bang as ús it nijs oansein wurdt. Soks bart mei rôljende r's en brekkende oa's. Elk wurdlied kriget de klam oft der wit wat te rêden is. Mar meastentiids giet it nearne oer. Nee, útsein foar de leafhawwer fan 'camp'<sup>2)</sup> leveret dat nijs net folle wille op. Dat jildt trouwens foar alle Omrop Fryslân-programma's: der falt selden wat te laitsjen. It is allegearre bloedserius en bot ernstich. Humor is fier te sykjen.

noot 1 rûchskerne = mestbulte

noot 2 camp = sa smakelaes, plat âldwrydsk of ûnnoazel dat it wer yn de moade komt

# Eindexamen Fries vwo 2003-I

- 6 45 As der gjin nijs is, dan sels it nijs mar meitsje. In lytse strjitte-enkête oer ien of oar triviale punt docht it altiten goed, ek al doocht de folge oanpak foar gjin meter en rekket de opmerklik gau lutsen konklúzje igge noch seame. It earste winterke is yn oantocht en de bysûndere waar- en reklameman fan de Omrop begjint fuortendaliks en yn de bêste Hollânske tradysjes mei syn ljocht oer in mooglike Alvestêdetocht skine te litten. Neffens
- 50 in oar taalwûnder fan de Omrop - hoe fielt dy no? - is hiel Fryslân yn de ban fan de ferwachte Alvestêdetocht. Alle âlde en nije koryfeeën wurde út de wintersliep helle, bylden fan earder wurde fertoand, priiswinners wurde nochris op in rychje set en folle net genôch. En as de temperatuer efkes letter wer omheech giet en de riderij al gau yn it teiwaar ûnder giet, wurdt ús dúdlik makke hoe spitich dat is. Dat it ek sa wêze kin dat net eltsenien op in
- 55 Alvestêdetocht sit te wachtsjen, of dat guon om allerhanne reden ferlet fan hegere temperatueren hawwe, it docht der net ta.
- 7 De warbere waarman hat de populêrens fan de hampelman en sil dus noch wol in skoft yn byld bliuwe of te beharkjen wêze, ta argewaasje fan mear minsken as op De Himrik tocht wurdt. Dat syn wurk foar it kommersjele SBS6 allinne al reden is om it kontrakt mei
- 60 him op te sizzen, sa fier giet it tinken yn de foarkeamer fan it Omrop-bastion fansels net.
- 8 Gjin Alvestêdetocht, mar wol tongblier yn it lân. By de Omrop binne se sa bliid as in protter en hoewol't de sjoernalistike mooglikheden mar beheind binne, wurdt alles út de kast helle om de ellinde fan de boeren en har húshâldings foaral breed út te mjitten. En krektlyk as by de kommersjelen, dy't dêr al sa sterk yn binne, wurdt foaral net neilitten om
- 65 in oar syn leed yn it ljocht fan de sjochsifers te eksploatearjen. Neat wurdt oerslein, ek graach de bern efkes yn byld. De rampestjoerder op syn bêst. In molkrider is foar it earst fan syn libben in dei thús en fan hamsterjen is gjin praat, mar de Omrop wit net hoe gau by de ferbûke molkrider of it molkfak fan de supermerk fan Wommels paraat te wêzen. Ommers, net allinne it grutte leed moat ferslein wurde, mar benammen it lytse triviale leed,
- 70 want dat docht it goed by de sjoggers, sa wurdt der yn Hilversum tocht en dus ek op de Ljouwerter Himrik. Wannear sil de earste marmot romme wurde? Lit it efkes witte.
- 9 Fansels, it is net allinne mar leed op de televyzje of earmoed op de radio. Ik neamde Breedbyld al. Sawol de politike as sportive programma's fan Eelke Lok rinne der út. Sippy Tichelaar makket op de radio prachtige dokumintêres. It radioprogram Omnium fan Eric
- 75 Ennema docht it alhiel net ûnaardich. Op de televyzje krige ik earder suver net genôch fan it nijsgjirrige Blik op souder. En de ploech fan de sneinstelevyzje wit hieltyd de moaiste programma's te meitsjen. Mar ien kear sneins kin spitigernôch net it leed fan de hiele fierdere wike weipoetse. Mei ek noch hieltiten mear stjoertiid troch de wike wurdt dat leed hast like grut as de publike stipe oan en pretinsjes fan Omrop Fryslân.
- 10 80 De Omrop hat in geweldich foardiel boppe de oare wrotters en bidders op de merk fan byld en lûd: de minsken dêr't it om giet wenje om de hoeke en fiele har mei de Omrop ferbûn. Wat dat oanbelanget hoecht de Hilversumske trukedoaze net iepen en hawwe se gjin glamour nedich. SBS6, de Panorama fan de Nederlânske televyzje, hoecht wier it foarbyld net te wêzen. En it soe likemin dreech wêze moatte om de kar fan de muzyk oan te kinnen,
- 85 mar de werklikheid sjocht der justjes oars út. No hawwe wy ek noch nij Frysk TV-drama: Baas boppe baas. Neffens my hie it jild dêrfoar hiel wat better yn de oplieding en foarming fan de meiwurkers ynvesteard wurde kinnen - sjoch ris nei it Dútske N3 hoe't it ek kin. Lieding en meiwurkers moatte har nedich ris neier op it doel en de mooglikheden fan de regionale omrop beriede. Kies dochs foar deeglike, saakkundige, belutsen en yntegere
- 90 programma's. Ferjit de neimakke stjerstatus foar de presintators. It earste biedwurd soe wêze moatte: 'Omrop Fryslân imiteart Bussum of Hilversum net!' Faaks kinne de pretinsjes sa wat bysteld wurde en de enerzjy rjochte op behâld en útbou fan wat wol goed kin.
- 11 In orchidee op de Nederlânske mediarûchskerne is grif te folle frege, mar it soe ek al moai wêze as de Omrop foar in moai boskje bûterblommen soargje soe.
- 12 95 En dan no mar wer non-stop-muzyk.

*nei: Trotwaer 2001, Piet Hemminga, juli 2001*

## Tekst 2

### PUNTEN FOAR IN PROGRAMMA FOAR OMROP FRYSLÂN

Nei oanlieding fan de ferhuzing fan Omrop Fryslân nei de nije studio hat Piet Hemminga in tal punten opskreaun dêr't in programma fan Omrop Fryslân neffens him oan foldwaan moat, te witten yn it gelegenheidsboek 'Under ien dak'.

- 1 Omrop Fryslân makket programma's. Alle dagen op 'en nij. Alle seizoenen warber. De winterprogrammearring giet, sûnder dat harker of sjogger der folle fan fernimt, yn simmerprogrammearring oer. Hjir en dêr wurdt der wat oanpast en hiel soms is der in nij programma of in nij gesicht of lûd. Dat it simmer is, fernimt men op syn heechst oan werhellings, wat mear muzykklips as gewoanwei en fansels omtinken foar it skûtsjesilen. Omrop Fryslân hoecht mar op ien punt hifke te wurden: de programma's. Programma's dy't de harkers en sjoggers hearre te ynformearjen, te reitsjen en te ferdivedearjen. Mar wat is it programma foar Omrop Fryslân? Leit der in mearjierreperspektyf foar? Ik wol leauwe dat soks der op it stuit net is. Lit my dêrom ris in tal foar de takomst relevante en diskutabele punten neame, dy't meielkoar de yngrediïnten foar sa'n programma biede kinne.
- 2 In regionale omrop lykas Omrop Fryslân moat publyk wêze en bliuwe. It publike karakter fan de regionale omrop hâldt in opdracht yn dy't foar my bestiet út it meitsjen fan programma's dy't fan yntegriteit en respekt foar de sjogger, meiwurker en belanghawwende tsjûge. It moat om programma's gean dy't partidigens nije, de nuânse frij baan biede en in opiny net út de wei geane. De ûnderskate maatskiplike rjochtjings en skiften hearre har gerak te krijen. It publike karakter betsjut ek dat de hark- en sjochsifers net diktearje, mar dat it yn it foarste plak om kwaliteit heart te gean.
- 3 It publike karakter fan de regionale omrop stiet winliken ûnder druk. Dat hat te krijen mei it opkommen fan kommersjele (regionale) stjoerders en mei de wat wûnderlike finansiering fan de regionale omrop. De kommersjele stjoerders dy't op in maklik 'skoaren' út binne, binne twongen om har programma's ôf te stimmen op in sa breed mooglik publyk en dat betsjut it per definysje ynleverjen fan in goede smaak, djipper dollende programma's of omtinken foar beskate, kommersjeel net oantreklike, maatskiplike skiften. Sok dwaan liket ek de noarm foar de publike omrop te wurden. De meiwurk(st)er fan de publike omrop wol op 't lêst ek wolris 'skoare', en sadwaande tinke dat de sabeare sensaasje de foarrang hat, of dat de hark- en sjochsifers de trochslach jouwe.
- 4 De finansiering fan de regionale omrop is wûnderlik te neamen, om't it om sinten út de publike omropmiddels giet, oanfolle mei in provinsjale opslach op de omropbydrage en de opbringsten fan reklamestjoertiid. It soe yn myn eagen better wêze om de konsekwinsjes fan it publike karakter fan de regionale omrop te nimmen. De sinten moatte allinne út de publike omropmiddels helle wurde en de reklame-opbringsten moatte dy lanlike publike omropmiddels yn. Dat komt mei tefoaren dat de ynfloed fan advertearders op programma en stjoerdtiid noch fierder tanimt. Boppedat wurdt it publike karakter op dy wize nochris ûnderstreke.
- 5 Moat it stadichoan mei de omrop de kant fan in bredere programmearring út, mei saken dy't der noch net binne, lykas de, sa stadichoan al ferneamde, Frysktalige sjippeseary, leafst sa bête mooglike kwisspultsjes en it útstjoeren fan bûtenlânske films mei in Frysktalige ûndertiteling, of noch moaier, neisyngronisearring? En de radio? Deis fjouwerentweintich oeren yn de loft, al is it ek mei in muzykbân sûnder ein? Of in kar foar in fierder fersterkjen fan de rêchbonke fan de omrop, te witten de nijsfoarsjenning en de eftergrûndokumintêre? It hat gjin doel om alles te wollen. Krekt oarsom, der is neat op tsjin om wat oan de (ynter)nasjonale media oer te litten. Dat betsjut dat ik de klam op it provinsjale en lokale nijs lis, it meitsjen fan dokumintêres dêr't sneinstelevyzje en radio soms sokke treflike foarbylden fan sjen litte, omtinken foar it dwaan en litten fan minsken dy't it hjoeddeiske Fryslân útmeitsje en in warbere rol as it giet om de presintaasje fan Frysk artystyk talint en de eigen taal en kultuer.
- 6 De regionale omrop wurdt foaral troch in wat âlder publyk beharke en besjoen. It doocht lykwols net as in publike omrop him by it net berikken fan de jeugd dellizze soe. Ien oerke hjoeddeiske muzyk op de tiisdeitejûn of sneontemoarns in oerke foar skoalbern binne net foldwaande, sa litte de sifers sjen. Der is mar ien oplossing foar wa't de takomst treast wêze wol: in stjoerder der by.

# Eindexamen Fries vwo 2003-I

- 7 It mediapatroan is yn ferliking mei earder bot feroare. Minsken nimme gjin genoegen mear mei ien medium, mar hinnewerje fan stjoerder nei stjoerder en hawwe oan ien (regionale) krante net genôch. De slach om tiid en sinten fan de konsumint sil noch folle hurder wurde. De konkurrinsje ûnder de oanbieders wurdt net minder. My tinkt dat de regionale en de lokale omroppen folle mear oan elkoar hawwe kinne as no it gefal is. Wat dat oanbelanget, sil de kommende tiid oer en wer yn dy relaasje ynvesteard wurde moatte.
- 8 As lêste punt wol ik pleitsje foar in trochgeande oriïntaasje fan de meiwurk(st)ers op de deistige radio- en televyzjeppraktyk fan ferlykbere (regionale) stjoerders yn binnen- en bûtenlân. Om by te bliuwen, ynspiraasje op te dwaan en ta fernijing oanset te wurden, is it nedich dat der in royaal fêst budzjet foar in permanint programma fan stúdzje en útwikseling bestiet.

*nei: Under ien dak, Piet Hemminga, 2001*